



## Statenfractie Fryslân Steatefraksje Fryslân

# JIERFERSLACH 2005



De **Suderseeline** liket foar Fryslân hiel fier fuort. Nei de Twadde Keamerfraksjes fan de SP, LPF en D66, sjogge no de PvdA en de VVD ek gjin takomst mear foar de magneetsweefbaan of faasjetrein tusken Grins en Amsterdam. De CDA Steatefraksje Fryslân sil har ynsetten bliuwe foar in flugge ferbining tusken Emmeloord, 't Hearrenfean, Drachten en Grins. Dat sil Fryslân better berikber meitsje, en sil positive gefolgen hawwe foar de Fryske ekonomy en wurkgelegenheid. De plannen foar de Suderseeline binne noch net hielendal fan de baan. Minister Peijs fan Ferkear nimt krekt yn de maitiid fan 2006 in definityf beslút.

Foar hoefier kin in grutte **stroomkalamiteit** Fryslân treffe? Dy fraach stelt de CDA fraksje, nei oanlieding fan de lange tiid fan stroomútfal yn East Nederlân fan 't hjerst, as gefolch fan it ekstreme winterwaar. De CDA Steatefraksje freget it kolleezje fan Deputearre Steaten dêrom, om in ynventarisasje te meitsjen fan de kwetsbere gebieten fan Fryslân, sadat der op 'e tiid en adekwaat reagearre wurde kin by in kalamiteit.

Oare punten fan oandacht binne de **Sintrale As**, de **Wâldwei**, de **rotonde by de Jouwer** en it **stêdkonvenant Ljouwert 2006-2010**.

## Fryslân wetterryk

In diel fan de opbringst fan de gaswinning yn de Waadsee wurdt yn it saneamde "**Waadfûns**" stoppe. It kabinet sil yn 2006 bepale, hoe't de ynhâld fan dit fûns ferdield wurde sil. CDA Twadde Keamerlid Joop Atsma pleitet der, yn in moasje, foar om de middels gelyk te ferpartsjen tusken ekonomy en

It jier 2005 stiet yn it teken fan in tal grutte ûnderwerpen, sa as it Fries Museum, de Suderseeline, sâltwinning, parkmanagement, de NUON-oandienen en it Streekplan. De CDA Steatefraksje Fryslân hannelet út de fjouwer útgangspunten fan it CDA wei, ynspirearre troch de Bibel: "Gerjochtichheid, fersprate ferantwurding, solidariteit en rintmesterskip". In dit jierferslach kinne jo lêze, hoe't de CDA Steatefraksje Fryslân dizze útgangspunten yn 2005 yn de praktyk brocht hat.

## In sterk provinsjebestjoer

De oanskaf fan nije, djoere **tsjinstauto's** troch Deputearre Steaten, soarget foar fraachtekens by de CDA Steatefraksje. It CDA fynt, dat by oanskaf fan tsjinstauto's it draachflak yn de maatskippij belangriker is, dan oft de oanskafkosten binnen it ôfsprutsen budzjet passe.

Nei jierrenlange diskusje is de kûgel einliks troch de tsjerke: der komt in **nij provinsjehûs**. De CDA Steatefraksje giet hjir akkoart mei, mar hat wol in tal betingsten foar de nijboupplannen. Dêrmei moatte de kosten fan it nije provinsjehûs sa leech mooglik bliuwe.



In provinsjale kommisje stelt foar, dat de Fryske gemeenten alle jierren harren eigen **bestjoerskrêft** evaluearje, en eventueel in plan meitsje om it wer goed te meitsjen. At der wier problemen binne, kin de provinsje yngripe. Yn de gemeenten wurdt in protte tsjin dit plan aksele. De CDA Steatefraksje is noch hyltiid fan betinken dat weryndieling allinne barre sil, at de gemeenten it self wolle. It CDA kin him wol fine yn it plan oer it evaluearjen fan de bestjoerskrêft, mar wol ek in plan fan oanpak foar kommunikaasje mei de gemeenten.

It CDA wol foarkomme dat minsken hegere lesten krije. By it fêststellen fan de begrutting hat it CDA dêrom mei súkses foarstelt, dat de motorreaubelêsting yn 2007, en foar de perioade 2008-2010, allinne ferhege wurde sil at dit needsaaklik is.

## Berikber Fryslân

Yn 2005 wurdt der hurd wurke oan in **nij provinsjaal ferkear- en ferfierplan**. Der wurdt in nij systeem foar it iepenbier ferfier foarsteld, dêr't Fryslân yn ferskillende regio's, mei ferskillende soarten iepenbier ferfier, yndield wurdt. Mei dit plan wurdt de Westergosône lykwols ûnberikber mei spoar en bus. It CDA fynt dat dizze kearnsône berikber bliuwe moat mei iepenbier ferfier, krekt as dat der ferbining bliuwe moat tusken Ljouwert en Boalsert. Ek moat alle reizgers rjocht hawwe op ynspraak by it jaan fan advys oan de ferfierder.

ekology. Yn desimber 2005 ropt de CDA Steatefraksje it kolleezje fan Deputearre Steaten op, om dizze moasje te stypjen. De CDA Steatefraksje fynt, dat de ekology likegoed as de ekonomy yn it Waadgebiet, fersterke wurde moat. Dêrneist wol it CDA dat de Waadakademy yn Ljouwert fêstige wurdt en nau gearwurket mei de HBO- en kennisinstellings yn Ljouwert. De moasje fan it CDA wurdt oannaam.



By de maityd organisearret de CDA Steatefraksje in minisymposium oer de Europeeske Kaderjochtlíne Wetter. By de behandeling hjirfan yn de Provinsjale Steaten, stiet it CDA der op 'e nij op oan, om de **Waadsee** as 'sterk feroare wetter' yn plak fan as 'natuerlik wetter' te beneamen. Deputearre Steaten moatte dit stânpunt kenber meitsje by de minister, steatssekretaris, de fêste Twadde Keamerkommisje foar Ferkear en Wettersteat en RBO-Noard. De moasje wurdt oernaam, mar krijt net hielendal it bedoelde effekt. De Waadsee wurdt dochs as 'natuerlik wetter' beneamd, mar de havens, farwetteren en kwelders bliuwe der bûten.



Op wurkbesite by de NAM yn oktober 2005.

It CDA hâldt him yn 2005 ek dwaande mei streamingsrisikobehearsking op de **Waadeilannen**, de **Stúdzje berging en ôffier** en **gaswinning** yn de Waadsee. •

## Natuerlik Fryslân

De **sâltwinning** yn noardwest Fryslân soarget foar in protte opwining. De winning is ein 2004 foar in part stil set en de boaiemdelgong liket keard te wêzen, mar de boaiemdelgong is wol folle flugger gien as dat earst tocht waard. Hjirtroch, en troch it berjocht dat it Wetterskip problemen ferwachtet mei de wetterhûshâlding, is de diskusje wer fûler wurden. De CDA Steatefraksje fynt, dat de notysje fan Deputearre Steaten oer de sâltwinning, op in tal ûnderdielen net genôch ynformaasje jout. It CDA stelt dêrom foar, mei de PvdA, VVD, CU/SGP en Griem Links, om in eigen, ûnôfhinklik ûndersyk nei

de effekten fan sâltwinning yn noardwest Fryslân, útfiere te litten. Dit foarstel wurdt unanym oannaam. It ûndersyk wurdt begjin 2006 ôfrûne. Mei de útkomsten fan dit ûndersyk, hopet it CDA de ûnrêst yn de streek by de minsken fuort te nimmen, en better beslute te kinnen oer de sâltwinning.

It CDA fynt **duorsumens** belangryk foar de takomst. De provinsje Fryslân kin dêr, neffens it CDA, foarm oan jaan troch biomassaprojekten te stimulearjen en fierder ûndersyk te dwaan nei wyn en sinne-enerzjy. Yn Fryslân binne kennisin-



trums foar wettermanagement. Dizze sintrums sille bliuwend stimulearre wurde moatte om fierder ûndersyk te dwaan.

De CDA Steatefraksje hâldt har yn 2005 ek dwaande mei it **tongbliefûns** en it **Frysk Miljeuplan**. •

## Tierich Fryslân

De CDA Steatefraksje stelt yn desimber mei súkses foar om in profesjonele **parkmanagementorganisaasje** (PMO) op te rjochtsjen. De provinsje jout hjirfoar in startsubsydzje fan € 200.000,- foar 2006 en foar 2007, likegoed as foar 2008, in kofinansiering fan € 100.000,-. By parkmanagement organisearje ûndernimmers mei-inoar bepaalde saken, sa as it ynryochtsjen fan in bedriuwsterrein, de kwaliteit fan foarsjennings en it behear fan rûmten. Dit soarget foar kostenbesparing, in duorsume ûntwikkeling fan bedriuwsterreinen, in better festigingsklimaat en mear wurkgelegenheid.



Yn 2000 hawwe Provinsjale Steaten besluten om de **oandienen fan NUON** (12,6%) te ferkeapjen, sadree at dit mooglik is. Deputearre Jan Ploeg is dêrom yn 2005 mei it "Falcon"-plan kommen, dêr't oandienen mei belind wurde kinne en de opringst brûkt wurde kin foar de Fryske maatskippij. De mearderheid fan Provinsjale Steaten is akkoart gien mei dit plan. De CDA Steatefraksje, dy't al earder oanjûn hie, dat sy achter it saenamde 'Falcon'-plan stie, is bliid dat ek de PvdA en de VVD mei it plan ynstimme. Takom tiid sil der, yn de ferskillende steatefraksjes, diskusjearre wurde oer de besteging fan it beskikbare jild. Foar it CDA is dúdlik, dat of de opringst of it rendemint fan it Fûns te'n goede komme moat oan de Fryske maatskippij.

De Europeeske Kommisje wol it **sûkermerkebelied** herfoarmje. Yn Nederlân, en dan foaral yn it Noarden, wurkje ûngefear 34.000 minsken yn de sûkeryndustry. Om reden fan de negative gefolgen, dy't de herfoarmings foar de wurkgele-

genheid yn Noard Nederlân hawwe kinne, stjoert de CDA Steatefraksje Fryslân, mei de CDA Steatefraksjes fan Grinslân en Drinte, in brief nei it kabinet. Yn dizze brief wurdt it kabinet mei klam frege, om ôf te sjen fan it herfoarmingsplan fan it Europeeske sûkermerkebelied. Dêrneist freget it CDA, mei alle oare fraksjes, oan Deputearre Steaten om aksje te ûndernimmen tsjin dizze plande herfoarmings.

De CDA Steatefraksje pleitet der yn De Haach mei súkses foar, om de **Westergosône** net te beneamen as Nasjonaal Lânskip. Dêrmei bliuwe der mooglikheden foar ekonomyske ûntwikkelings.

Oare punten fan oandacht binne de **wurkleazens** yn Fryslân, de **duorsumenstop**, it projektburo yn de **kearnsône Westergo** en it **Fries Marketing Buro**. •

## Leefber Fryslân

Ek yn 2005 wurdt der hurd wurke foar de **Jeugdsoarch**. It CDA pleitet der, mei de PvdA en de VVD, mei súkses foar om yn te setten op in residinsjele jeugdynrjochting yn Fryslân.



CDA-gemeenteriedsleden tidens in studzje-jûn oer de WMO.

De CDA Steatefraksje Fryslân fynt, dat by de ynfiering fan de **Wet Maatschappelijke Ondersteuning (WMO)** der ek by tanimmende fergrizing, genôch middels fan it Ryk nei de gemeenten ta gean moatte. Dit moat fêstlein wurde yn de nije wet, dy't yn 2006 yngean sil. Dêrmei moat foarkommen wurde, dat de gemeenten yn de takomst de rekken krije foar de ynfiering fan de WMO. De resolúsje hjirfoer, wurdt op 28 maaie 2005 op it CDA-partijkongres oannaam. Dit betsjut dat de lanlike CDA-politisy der no mei oan it wurk geane. De CDA Steatefraksje wol de Fryske CDA-gemeenteriefraksjes graach aktyf stypje by it ynfieren fan de WMO.

De CDA Steatefraksje Fryslân fynt dat **asylsiker gesinnen**, sûnder strafblêd, net op strjitte komme meie te stean. Mei de PvdA, Griene Links, FNP en SP freget it CDA yn juny oan Deputearre Steaten, om aksjes foar op strjitte steande asylsikers te stypjen. Dêrneist wurdt oan Deputearre Steaten frege, om hjir in brief oer te stjoeren nei de Minister en nei de foarsitter fan de Twadde Keamer. De CDA Steatefraksje stiet der sels, mei gemeenteriefraksjes en ôfdielingsbestjoeren fan it CDA yn Fryslân, by it kabinet en de Twadde Keamerfraksje fan it CDA oan, om maatregels te nimmen foar opfang. Dizze maatregels moatte foarkomme dat der asylsiker gesinnen op strjitte komme.

It CDA hat each foar de need yn de maatskippij. En dat der noch hyltiid need is, is dúdlik: in protte minsken hawwe te krijen mei **stille earmoed**. De CDA Steatefraksje wol dêr graach wat oan dwaan, ek al is it net direkt in provinsjale ferantwurdling. Mei oare ynstânsjes kin yn kaart brocht wurde, hokker minsken yn oanmerking komme foar ûndersteuning. Dizze stipe moat hiel maklik te berikken wêze, sadat elkenien doart te kommen.

Oare punten fan oandacht binne de **ambulânses**, de sitewaasje yn **ferpleechhuzen**, **needhelp**, de **Sosjale Aginda**, it **provinsjaal minderhedenbelied** en it **stipefunksjewurk en subsydzjebelied**. •



Op wurkbesite by it Monitorsintrum yn desimber 2005.

## Libben Fryslân

Yn 2005 wurdt der opnij faak praat oer it **Fries Museum**. It legaat fan € 18 miljoen fan arsjitekt Bonnema, is net genôch foar it ferhúzjen fan it Museum nei it Saailân. Dêr sil in protte jild by moatte, ek provinsjaal jild. De CDA Steatefraksje draacht Ljouwert, as kulturele haadstêd in waarm hert ta, mar wol net samar in grut bedrach foar in ferhuzing tasizze en besjocht it plan kritysk. It CDA fynt, dat it nije belied fan it Fries Museum te folle ophongen is oan de nije lokaasje, yn stee fan oan de ynhâld. In nij gebou op in oare lokaasje sil net méar besikers lûke, dat hinget fan it belied ôf. Salang at der gjin goede fisy is, stimt it CDA net yn mei de plannen. De CDA Steatefraksje wol € 3 miljoen beskikber stelle foar in goed depot op in nije lokaasje, foar de kolleksje fan it Fries Museum, likegoed at der no wól of gjin nij Fries Museum komt.



Diskusje jûn oer it Fries Museum, septimber 2005.



Op 9 novimber stelle Provinsjale Steaten € 5 miljoen beskikber foar it Fries Museum, om dêrmei de Kompassubsydzje yn feilichheid te bringen. De CDA Steatefraksje hat hjir ek, ûnder betingst, mei ynstimd. Mar dêrmei hat it CDA nêt automatysk ek ynstimd mei in museum op it Saailân. Dêr wurdt op in letter stuit oer besluten.

Yn de kadernoata begrutting 2006 wurdt ûnder oare foarsteld om yn 2006 **keunst en kultuer wer te oerweagjen**. De CDA Steatefraksje wol net weroerweagje sûnder in goed belied en freget Deputearre Steaten om in ûnderbouwing. Deputearre Steaten sille, op útstel fan CDA, PvdA en VVD, de begrutting fan 2006 opnij besjen en in foarstel meitsje foar in strukturele besuniging fan € 10 miljoen op de bedriuwsfiering fan de Provinsje Fryslân. Uteinlik wurdt der, op útstel fan CDA, PvdA en VVD, besluten om net wer te oerweagjen op it gebiet fan taal, kultuer en ûnderwiis. Begjin 2006 sille Provinsjale Steaten in politike diskusje fiere oer de programma's. Op basis dêrfan kin de begrutting 2007 opsteld wurde.

De CDA Steatefraksje wol graach in **kultuer-dei** organisearje, om de oanpak fan de Fryske keunst en kultuer goed te besjen. It doel hjirfan is om te diskusjearjen oer de wearde, foaral ek de ekonomyske, fan keunst en kultuer foar Fryslân. It CDA wol dêroer yn diskusje gean mei it bedriuwslibben. Yn Ingelân is it bedriuwslibben ferantwurdlik foar keunst en kultuer. De oerheid stiet op de eftergrûn om, by need, finansjeel by te springen. Dit Ingelske model sprekt de CDA Steatefraksje tige oan.

De CDA Steatefraksje hâldt har ek dwaande mei de **Kultuernota 'Sels Dwaan'** en it **Lânboumuseum**.

## Learderich Fryslân

De CDA Steatefraksje wol dat it **Frysk yn it primêr ûnderwiis** deselde rjochten hat as it Nederlâns. De oerheid wol skoallen mear autonomy jaan op it gebiet fan de learplannen. Dêr wurdt in tal kearndoelen ta opsteld. Sûnt 1998 binne de



Op besite by it ROC Friese Poort yn Ljouwert.

kearndoelen foar it Nederlâns en it Frysk gelyk. Yn it nije útstel fan de minister wurdt dit prinsipe loslitten. Ek op foarstel fan it CDA wurdt oan de Minister en de Twadde Keamer meidielt, dat Fryslân fêsthâlde wol oan in prinsipiële gelike berjochting fan de beide rykstalen yn it primêr ûnderwiis.

Dêrneist hâldt it CDA him dwaande mei it **Cartesiusynstitút** en de **Kenniscampus**.

## Rûmte yn Fryslân

Yn april 2005 wurdt it **Foarûntwerp Streekplan 2006** publisearre. Yn dit plan draait it om de romtelike kwaliteit fan Fryslân. It CDA wol graach dat de ferantwurdlikheid foar de ferskate punten út it Streekplan sa leech mooglik lein wurdt: "By gemeenten at it kin, by de provinsje at it moat". It plan moat net ticht timmere wurde mei in te strakke regeljouwing. Gemeenten moatte de kâns krije om harren ferantwurdling op har eigen manier yn te foljen. Om belanghawwenden de kâns te jaan harren miening te jaan oer it Foarûntwerp Streekplan, stelt it CDA, mei de PvdA, VVD, Griens Links, SP, D'66 en GBF, mei sukses foar om it plan noch net fêst te stellen. Fan de simmer fan 2005 ôf, is it CDA op paad om mieningen oer it Foarûntwerp Streekplan te sammeljen. Dy wol de fraksje brûke by it definityf fêststellen fan it plan yn 2006.

Dêrneist hâldt de CDA Steatefraksje har dwaande mei de **Wentebou** en de **Nota Ruimte**. De oandachtspunten fan it CDA hjirby, wurde nei de Twadde Keamer stjoerd. Dêr wurdt de Nota Ruimte behannele. Dêrby is in suksespunt dat Snits, op advys fan de CDA Steatefraksje, opnaam is yn it stedsnetwurk.



### Mear ynformaasje

Dit jierferslach is skreaun troch de CDA Steatefraksje Fryslân. Foar mear ynformaasje: [www.cda-fryslan.nl](http://www.cda-fryslan.nl). Jo kinne ús ek fia de mail of tillefoan berikke: [cda@sis.fryslan.nl](mailto:cda@sis.fryslan.nl) of (058) 292 58 02.